

Sjueryferslach Rely Jorritsmapriis 2019

Ferline jier stie de sjuery hjir mei in boadskip oan de Rely-ynstjoerders. Wy hiene doe nammentlik tefolle wurk troch hannen krigen, dat by lange net foldie oan wat neffens ús it nivo is fan de Rely Jorritsmapriis. Ynhâldelik en taalkundich kamen wy safolle flaters tsjin, dat de tekst soms amper benei te kommen wie. Us advys wie doe: lit jo wurk lêze troch in oar, ien mei ûnderfining. Lês sels ferhalen en gedichten fan eardere priiswinners. Wês net te gau tefreden. Skerpje it ferhaal oan, helje yn elts gefal de taalflaters der út! Ek poëzy, hoe heimsinnich fan ynhâld en eksperiminteel yn foarm ek, hat ‘m te hâlden oan in minimum oan regels. Jo wolle dochts dat jo gedicht lêzen wurdt en in lêzer, yn elts gefal in Rely-sjuerylid, moat de ein wol helje.

Us fraach om mear soarch en oandacht hat wol holpen, is ús yndruk nei it lêzen fan de nije rispinge oan ferhalen en gedichten. Lykas yn 2018 wiene der in moai oantal ynstjoerings. Diskear 25 ferhalen en mar leafst 56 gedichten. De kwaliteit fan de ferhalen wie oer it generaal aardich goed, fûnen wy. It Frysk wie better. Oer in tsiental ynstjoerings twifelen wy oft se mooglik yn oanmerking komme soene foar in priis. Mar sa’t it nó foar ús lei, bleau it in twifelgefal, en dat is net genôch. Der wiene in pear gedichten dy’t foar de sjuery foar in part ûnbegryplik wiene. Hjir folge de dichter sa bot syn eigen taalpaad, tinzen en logika, dat it foar de lêzer in toer wurdt om der grip op te krijen.

Wat wy wolle is meinommen wurde yn in orizjineel ferhaal dat technysk doocht, mei in goede opbou, in heldere struktuer en in lekker ritme. Leafst rint it as in trein, binne de dialogen leauweardich, lêze wy skerpe karakterisearings, knappe bylden en gjin klisjeemjittige fergelikings. De skriuwer brûkt in orizjineel gegeven of wit in orizjinele benadering fan in tradisjoneel tema te betinken. It ferhaal moat de lêzer reitsje mei emoasjes lykas humor, frustraasje of fertriet en werkenbere personaazjes. It ferhaal nûget út nei fierder lêzen, bringt de lêzer op in oare foet, set oan ta neitinken. Der wurdt in soad frege fan de ferhaleskriuwer. Fan dichters net minder: in goed gedicht is orizjineel en ferrassend, nimt de lêzer mei, kin de wrâld eigenwiis typearje of op ‘e kop sette, lit de lêzer de saken oars besjen.

By in gedicht wurde (meastal) minder wurden brûkt as yn in ferhaal en dus moat it gau rekke wêze. Poëzy freget dus ek noch om skerpe observaasjes, in soarchfâldige wurdkar en in wrâld fan moaie, autentike bylden.

Wy hawwe de measte ynstjoerings mei nocht lêzen. Eins giet skriuwen net om it winnen fan in priis, it giet om de wille fan it skriuwen en miskien ek wol de lottering dy’t de skriuwer sels hat by it ferwurdzjen fan syn of har fantasy, gedachten en leaf en leed. Wat ús opfoel: hast allegear de ferhalen en gedichten geane oer relaasjes. Leafdes tusken twa minsken, ferhalen oer beppe, heit, styfmem, broers, húsgenoaten, de buorman, in ferweesd bern, yn in inkel gefal in beam. De relaasje mei oaren is blykber dêr’t it om draait yn it libben, en dus ek yn skreaune ferhalen. Oare tema’s dy’t dit jier faak foarbykomme binne langstme en feroaring. Langstme, nei de partner dy’t net mear ûnder ús is, of dy’t stadichoan ferdwynt yn de dize fan gastlike efterútging. Langstme nei de pleats fan heit en pake. Nei in tiid dat alles behaper like. Nei in tiid dat de leafde tusken do en my noch taastber wie.

En it tema feroaring, troch de komst fan oare kultueren nei ús fertroude omjouwing. Feroaring fan ús blik op de wrâld, fan relaasjes binnen in gesin, in famylje, in strjitte of stêd.

Priiswinners

Wy hawwe fiif dúdlike winners, dêr't wy fan oertsjûge binne dat se in Rely Jorritsmapriis fertsjinje. Se binne publisearre yn de nijste Ensafh. Twa ferhalen, beide mei in aktueel tema. En trije gedichten, gefoelich fan sfear en mei faasje skreaun

Gedicht: Sleau mei lok - Jetske Bilker

As in papieren sirene jout de haadpersoan fan dit bitterswiete gedicht de bondel 'Slordig met geluk' (de Fryske titel fan it gedicht ferwiist dêrnei) fan Menno Wigman (2016: Prometheus, Amsterdam) oan syn of har partner. 'Sa hope ik dy mei fersen te kearen', lêze wy. Mar de sirene berikt har doel net. De partner yn kwestje heart de wûndermoaie sangen net iens: de bondel krijt in plakje ûnder in kessen en it lûd ferstommet. C'est le ton qui fait la musique. En 'de toan makke gjin muzyk mar skraсте'.

It gedicht is melodieus komponearre en liket ree om foardroegen te wurden. Krekt as yn Wigmans poëzy is de sinsopbou meislepend en liket it, nettsjinsteande it minimale gebrûk fan ynterpunksje, hast in proaza-fertelling. It kontrast tusken de ferliedlike sirene en it âljen, hymjen en flokken fan de partner by it fuortsmiten fan de dichtbondel yn de kontener koe net grutter. Langstme en lijen gean hân yn hân yn dit gedicht. 'Mar/ sis it mar as it oars is yn it libben sels'.

Gedicht: Wy kinne... - Henk Nijp

It gedicht begjint mei in sitaat út Ernest Thompsons toanielstik 'On golden pond' út 1979. Dizze koarte dialooch tusken dochter en heit set de toan fan it gedicht 'Wy kinne...', mar kreëarret fuortdaliks ûndúdlikens by de lêzer. Binne de 'wy' út de titel partners fan mekoar, of giet it hjir ek om oare famyljeleden?

Foar dizze twa minsken is harren libben tegearre sa fanselssprekkend, dat se mei in heal wurd wol ta kinne. Soms binne der gjin wurden foar te finen. Mar de dichter wol ek krekt beneame wat der ûnsichtber bestiet tusken har beiden.

In soad brûkte útdrukkings yn de earste strofe (witte hoe't de hazzen rinne, sa leit it lân der hinne) binne grif mei sin keazen: se passe presys by it ûnderwerp fan dit fers: wy hoege neat mear te beneamen, wy litte de bliken sprekke. En dêr't gjin wurden foar binne (twadde strofe) dat litte wy mar sa. Yn de tredde strofe docht bliken dat it span yn de rook en de rêst fan de simmer de takomst treast is ('diggels wiskje wy wol fan ús paad'.)

In sfearfol fers dat in wrâld fan geburgenheid, leafde en dochs ek spanning yn moaie rigels wit te fangen.

Gedicht: Ik miende... - Remco Kuiper

Ik miende... ik tocht... mar is it ek sa? Dit is gjin gedicht fan wis wêze, mar fan twifel.

De earste gedachte: in gedicht oer troubrek. De wurklikheid is besward, de beareklau snoeid, de daksgoaten skjinn, it wurk oan kant, alles ûnder kontrôle, mar net de relaasje. Mar dan komt de ûnsekerheid. Krijt de lêzer hjir in ferhaal ûnder eagen fan in persoan dy't fertriet hat oer wat him oerkommen is, of fan ien dy't spyt hat oer wat hy in oar oandien hat? Wa is hjir it slachtoffer en boppedat: is de ferteller, mei syn eigen ûnderstelde wierheid, wol de meast betroubere persoan om de lêzer dêryn fan ynformaasje te foarsjen? De opsetten foks yn de lêste strofe, symboal fan bedroch en slûchslimmens, jout it antwurd ek net: ek de foks liket sa syn twifels te hawwen oer in goede ôfrin.

It gedicht 'Ik miende...' pakt de lêzer op en nimt him seis strofen lang mei yn wat by de earste lêzing noch in maklik te behappen fers like. Mar neidat de lêzer loslitten is, slacht ek by him de twifel ta: ik tocht dat ik it wol goed lêzen hie; ik miende dat de skriuwer dit bedoelde. Om dêrnei te tinken: nei de twadde lêzing is it miskien dochs oars.... Of net?

Ferhaal: Ik doch it foar dy. - Elmar Kuiper

It ferhaal nimt jo mei yn in man syn seksuele obsessy foar in froulike kollega. Hy stalkt har fia it ynternet. De man is sels ICT'er en tinkt him ûntrasearber. Heechmoed komt foar de fal. Dizze idele man, tige mei himsels ynnommen, wit alles fan de moderne kompjûtertechnyk. Hy fielt en gedraacht him as in God yn de nije wrâld fan hacking en darknet: hy kin bepale wa't in firus krijt en wa't alles ferliest. Mar as it giet om sosjale ynteraksje, dan liket it oft hy allinnich noch kommunistearje kin fia syn kompjûter. De natuer om him hinne stjert, mar dat sjocht hy net. Dêrfoar, de nep-beam mei de nep-aap en de nep-natuerlûden yn it atrium fan syn kantoar hawwe wol syn omtinken: dy ferbyldzje prachtich de mentaliteit fan him en fan syn eigen bedriuw en fan de kreëarre jungle dy't it ynternet wêze kin.

Natuer fersus technyk en hoe't de minsk him dêr tusken ferhâldt. In minsk kin noch safolle kennis hawwe fan technyk, sa fier foarop rinne yn de evolúsje, mar de minsk kin syn natuerlike (lêes: seksuele) driften nea ynbine. De dream dy't de haadpersoan hat, oer in man fan blik mei elektroanika as yngewanten dy't mei in ereksje op in snijtafel by in sjirurch leit, lit presys dit byld sjen.

It ferhaal sit fernimstich yn elkoar, mei kontinue ferwizings nei de ferhâlding tusken minsk, natuer en technyk. De skriuwer fan dit ferhaal hat mei syn wurdkar, mei de beskriuwing fan de (inerlike) dialogen en mei syn kar foar aktuele tematyk yn in útsprutsen hjoeddeiske setting, der foar soarge dat dit ferhaal lêst as in trein.

Ferhaal: Kimboeëwij - Geart Nauta

De rêst en de ûnskuld sa ast dy tsjinkomst op in bernebuorkerij, stiet yn dit ferhaal yn grut kontrast mei de hurde, komplekse en fertrietlike wrâld dy't it gesinslibben wêze kin. 'Kimboeëwij', bernetaal foar 'kinderboerderij', is de inerlike dialooch fan in pake mei syn ferstoarne frou, wylst hy mei syn pakesizzers in útstapke makket. Mar mear noch as in ienfâldich útstapke is dizze middei foar de pake in flecht yn eigen gedachten om syn ferstoarne frou om ried te freegjen, as wie it in gebed ('Opa, u bent aan het bidden.'). Ried om syn pakezizzers hooplik te behoedzjen foar in potinsjeel ûnfeilige thússitewaasje en om syn

skoandochter de tiid en romte te jaan in bettere kar te meitsjen. Ried oer hoe om te gean mei de tiid dat hy wol troch hie dat syn soan aardich wat egosentryske manierkes ûntwikkele, mar dat hy leaver ôfstân naam as yngriep. Kin hy himsels wat ferwite?

‘Kimboeëwij’ is in útkynde kombinaasje fan ferhaallinen oer it moderne trijetalige gesin dêr’t pake oppast yn it no, mei weromblikken nei de tiid dat syn soan noch thúsvenne, de drege perioade nei it ferstjerren fan syn frou en de karakterferoaring fan syn soan dy’t dêrop folge. De lêzer wurdt meinommen yn in dramatysk ferhaal mei in iepen ein. De skerpe observaasjes en rake opmerkings dy’t de skriuwer hast achteleas yn it ferhaal ferwurke hat, kreëarje in nijsgjirrige en libbene setting foar de lêzer fol kleur, geur en beweging.

Inge Heslinga
Douwe Kootstra
Karen Bies

24 july 2019